

## De nije molke farsc ind fris, sa as se fenne kou komd is *Pronominaal slachte by stoffen yn it (âldere) Nijfrysk*

Jarich Hoekstra

### Summary

*As in English and Dutch, in Modern West Frisian there is a mismatch between nominal gender (common and neuter) and pronominal gender (masculine, feminine and neuter), leading to instability and change in the latter. For reference to masses Modern West Frisian uses either the masculine pronoun hy or the neuter pronoun it (neuter), depending on whether the mass is conceived of as specific or general. Some West Frisian grammars suggest that in older West Frisian the feminine pronoun hja could be used to refer to masses in certain cases as well. In this article, I investigate this particular use of the feminine pronoun in (mainly) 19<sup>th</sup> and early 20<sup>th</sup> century sources. In addition, the changing position of the feminine pronoun in the system of pronominal reference is scrutinized, both in Frisian and in its neighbouring dialects and Dutch.*

### 1. Yn 't foar

Haadwurden hawwe yn it Nijfrysk mar twa slachten mear: in kommún genus (dêr't maskulinum en femininum yn gearfallen binne) en in neutrum.<sup>1</sup> Dat docht bygelyks bliken by de kar fan it lidwurd: kommune haadwurden binne *de*-wurden, neutra *it*-wurden. Dêrfoaroer hawwe persoanlike foarnamwurden de oarspronklike trije slachten bewarre (*hy - hja - it*). Der is sadwaande yn it Frysk in wanwicht ('mismatch') tusken nominaal en pronominaal slachte. Sa'n wanwicht laat wol gauris ta ûnwissichheid en ferskowingen, benammen by it pronominale slachte (sj. Audring 2009 foar it Hollânsk en Siemund 2008 foar it Ingelsk en Ingelske dialekten).

Pronominaal slachte of pronominale ferwizing wurdt yn 'e Fryske grammatikale literatuer navenant wiidweidich behannele (Spenter 1970, Popkema 2006, 154).<sup>2</sup> Yn dit artikel is it my earst en meast te rêden om pro-

---

1 Allinnich yn it Skiermûntseagersk binne by haadwurden de oarspronklike trije slachten noch yn wêzen (Spenter 1971).

2 In algemien oersjuch fan nominaal en pronominaal slachte yn 'e talen fan it súdlike Noardseegebiet ynklusyf it Frysk jout Wahrig-Burfeind (1989).

nominale ferwizing nei stoffen. Nei haadwurden dy't stoffen oantsjutte wurdt yn it hjoeddeiske Frysk yn 'e regel ferwiisd mei *hy* of *it*, at it antesedint in *de*-wurd is, en mei *it*, at it antesedint in *it*-wurd is (sjuch fierders it besprek yn par. 2):<sup>3</sup>

- (1) a. Der stie molke op it oanrjucht. **Hy/It** wie noch lij.  
 b. Geart naam moal en die **it** yn in bak.

Yn in stikmannich âldere grammatika's wurdt der lykwols sa sydlingswei op wiisd dat (guon) stoffen ek mei *hja*, it pronomien fan it froulik iental, oantsjut wurde kinne.<sup>4</sup> Sytstra & Hof (1925, 78) skriuwe bygelyks:

Voor vloeibare spijzen, *brij* b.v., gebruikt men *hja*: *Dy brij kin ik sa net ite, hja is my to hjit.*

In foarbyld út 'e literatuer is it bernerymke yn (2):<sup>5</sup>

- (2) Rier om de brij / ik sit er by / en lit **se** noch ferbrânne. /  
 Is dat gjin skoof-en-skânne. [*Fr. W.* (1900), s.v. *brij*]

De krekte status fan it brûken fan *hja* by stoffen bliuwt yn 'e grammatika's lykwols frijwat ûndúdlik. Hoe algemien wie dat gebrûk? Kaam *hja* wier inkeld by 'vloeibare spijzen' foar? Wannear en wêrom is it gebrûk út 'e tiid rekke? Yn dit artikel sil ik it brûken fan *hja* by stoffen oan 'e hân fan it Nijfryske tekstmateriaal neier ûndersykje. Der sil fierders neigien wurde, hoe't it tepasbringen fan it froulike pronomien ferklearre wurde kin binnen it (âldere) Fryske systeem fan pronominaal slachte. Dêrby wurdt ek ferlike mei de ûntjouwing fan it pronominaal slachte yn it Hollânsk.

3 Njonken *hy* en *it* kinne de demonstrativa *dy* en *dat* ek foar pronominaale ferwizing brûkt wurde.

4 Mei *hja* wurdt yn it neikommende bedoeld: *hja*, *hju* of *se* (as subjekt- en as objektfoarm). Ynstee fan *hja* kin it demonstrativum *dy* ek brûkt wurde. By it demonstrativum binne lykwols, lykas by it artikel, maskulinum en femininum gearfallen, dat dat sil ik yn it neikommende fierhinne bûten beskôging litte.

5 De boarneoantsjuttingen wurde hjirre en tenei jûn neffens it mal fan it WFT (sj. WFT 25, xxv-lxiv foar de boarnelist).

## 2. Pronominaal slachte yn 'e grammatika's

Foeke Buitenrust Hetteema is yn it begjin fan 'e foarige iuw net oer alle boegen posityf oer de doetiidske Fryske grammatika's (Buitenrust Hetteema 1904, 11-12):

Er zijn minstens drie spraakkunsten, zo men de kleinere overzichten en praktische Inleidingen, en "De vlugge Fries" van Feitsma — die zeer aantebevelen is — niet mee rekent.

Wel is op alle drie de spraakkunsten veel aantemerken, zelfs zijn 't verouderde "grammaires raisonnées": — worden niet aan 't fries naamvallen, konjunktieven en schrijftaal-nederlandse woordgeslachten enz. enz. opgedrongen? — Toch blijft er nog veel instaan — als men het wetenschappelijk schift — dat bruikbaar is. Men kan er zich mee in de taal inwerken, ze geven enigszins een Overzicht. Veel kwaad kunnen ze niet, — omdat in 't fries nóch onderwezen en nóch minder geëksamineerd wordt! Die dus litteratuur later leest, en zelf taalkundige observaties maakt, wordt wel gewaar wat ze verkeerd hebben.

Ien fan 'e dingen dy't Buitenrust Hetteema bekritisearret, is dat de 'schrijftaal-nederlandse woordgeslachten' mei geweld op it Frysk oerdroegen wurde. Yn 'e âldere, 19<sup>de</sup>-iuwske grammatika's (Colmjon 1863, 31-36, van Blom 1889, 60-69), mar likegoed yn letteren (Postma & de Clercq 1904, 33-36, Sipma 1913, 55-56), en sels noch by Sipma (1949, 8-11) wurdt derfan útgien dat it haadwurd yn it Frysk trije genera hat: maskulinum, femininum en neutrum.<sup>6</sup> Sytstra & Hof (1925, 77-80) wiene oars al hoedener: "Met het teloorgaan van het verschil tusschen mannelijk en vrouwelijk lidwoord, is tegelijkertijd ook het oorspronkelijk geslachtsverschil der zelfstandige naamwoorden verwaarloosd."<sup>7</sup> En S.K. Feitsma (1902, 29), dy't yn syn lytse kursus Frysk Buitenrust Hetteema

---

6 Bûten de grammatika's hat dat misbegryp him nammers noch folle langer hoden, ferlykje bgl. Wadman 1986.

7 Dat hie Van Blom (1889, 60-61), dêr't Sytstra en Hof in bewurking fan is, oars ek al, mar justjes minder definityf, sein (myn fetprint): "Nadat het verschil tusschen het mannelijk en het vrouwelijk lidwoord **grootendeels** was te loor gegaan, werd ook **hoe langer zoo meer** het oorspronkelijk geslacht der zelfstandige naamwoorden verwaarloosd." Mar, ferfettet van Blom, al is dat yn 'e sprektaal, dêr't froulike haadwurden gauris mei in manlik foarnamwurd werjûn wurde, it gefal, de bêste skriuwers hâlde noch goed oan it ferskil fêst en hy ornearret: "Het geslacht, dat in den grond der taal ligt, te eerbiedigen, is dan ook de plicht van elken schrijver, wil hij zorgdragen, dat zijne grijze moedertaal niet te zeer ontaarde."

yn 'e oanhaal hjirboppe tige oanrikkemandearret, hie al earder mei safolle wurden fêststeld dat der yn it Frysk feitliks gjin ûnderskie tusken maskulinum en femininum bestiet (myn fetprint):<sup>8</sup>

Het taalkundig geslacht der zelfst. naamwn. is dus (behalve wanneer er it voor staat), niet uit den vorm op te maken, zelfs niet wanneer er een persoonlijk voornaamw. voor in de plaats treedt: Voor levenloze voorwerpen en abstracte zaken wordt in dit geval *hy*, er h ij gebezigd, en ook voor levende wezens, zelfs wanneer het natuurlijke geslacht vrouwelijk is. Meer beschaafden of ontwikkelde bezigen echter in beide gevallen veelal *dy die, dien*.

Dit laatste verandert echter niets aan den uit bovenstaande op te maken regel: **dat de onderscheiding van mannelijk en vrouwelijk (als taalkundig geslacht) in 't Friesch eigenlijk niet bestaat**, behalve dat dit, *alleen van menschen sprekende*, door het persoonlijk- of bezittelijk voornaamwoord wordt kenbaar gemaakt.

By it behanneljen fan it slachte yn 'e grammatika's wurdt net allinnich lang fêsthoden oan 'e trije genera by it haadwurd, it nominaal en it pronominaal slachte wurde dêrby ek gauris lykslein. Sipma (1949, 10-11) sjucht it pronominaal slachte as it iennichste middel yn it hjoeddeiske Frysk om de trije slachten (yn it iental) noch te ûnderskieden, mar moat tajaan, dat it in heikerwei is om sa foar it wurdgeslacht yn it Frysk regels te finen: "It pronominale gebrûk foar it neutrum stiet wol fêst. Mar mei de oantsjutting troch de pronomina *hy, er; hja, sy, se* is dat minder it gefal, it is dus net altyd maklik (of dwaenlik!) to skieden tusken masculinum en femininum." Kalma (1952, 90) wol dêrom pronominale ferwizing alhiel loskeppelje fan genus. Spenter (1970, 182 en fn. 2) giet dat te fier, mar it liket him goed ta, nominaal slachte en pronominaal slachte net oer ien line te lûken.

Wat yn 'e literatuer te min achtslein is, is dat it pronominale slachte yn it Frysk mar foar in part útgiet by it slachte fan it nominale antesedint; it jout him ek in einhinne nei de semantyk, benammen nei de graad

8 Foar him hie Joast Halbertsma der yn syn resinsje fan Bende Bendsens *Die nordfriesche Sprache nach der moringer Mundart* (Halbertsma 1865) al op wiisd dat Bendsens Risumer dialekt trije genera hat, wylst it Frysk en it Hollânsk allinnich mar mear ûnderskiede tusken neutrum en genus commune. Halbertsma makket yn syn *Lexicon Frisicum* (1872) ek inkeld ûnderskie tusken *de*-wurden (cg.) en *it*-wurden (n.). Sjuch foar in wiidweidich besprek Dykstra (2011, 113-117).

fan yndividuearring fan 'e rifferint (ferl. Audring 2006, 2009 foar it Hollânsk, Siemund 2008 foar it Ingelsk en Ingelske dialekten). Dat makket dat men yn gâns gefallen it nominale slachte net streekrijucht fan it pronominale ôfliede kin.<sup>9</sup>

Ik sil hjir net in folslein besprek jaan fan it pronominale slachte yn it hjoeddeiske Frysk (foar in algemien oersjuch sjuch Popkema 2006, 154), mar pronominaal slachte by net-libbene rifferinten, deade dingen en dea guod, sjucht der, sa't wy dat foar stoffen al oan 'e foarbylden yn (1) sjoen ha, sa út:

(3) nominaal slachte	pronominaal slachte	
	dingen	stoffen
de	hy	hy/it
it	it	it

De kar tusken *hy* of *it* by stoffen dy't mei in *de*-wurd oantsjut wurde, hinget dêrby fan 'e yndividuearringsgraad ôf: mear spesifike stoffen (bgl. ôfmetten poarsjes dêrfan) wurde mei *hy* oantsjut, stoffen yn it algemien mei *it* (Fletcher 1987, Audring 2006, 2009).<sup>10</sup> Yn (1a) wurdt *molke* yn 'e sin fan 'e poarsje molke dy't bygelyks yn it stâlpantsje sit mei *hy* oantsjut, *molke* yn 't ginneraal mei *it* (alneigeraden hoe't de sprekker it wurd yn 'e kontekst opfettet).<sup>11</sup>

---

9 In bekend foarbyld fan semantyske ferwizing is bygelyks it gefal dat nei *it*-wurden dy't persoanen oantsjutte mei *hy* en *hja* ferwiisd wurdt (*it jonkje - hy, it famke - hja, it bern - hy/hja*).

10 Neffens de neikommende yndividuearringshiërargy:

persoan > bist > ding > stof (spesifyk) > stof (algemien)  
 -- *hy/hja* --|-- *hy (hja)* --|----- *hy* -----|----- *it* -----

11 By nominaal slachte spilet yndividuearring nammers likegoed in rolle; de farijasje tusken *hy* en *it* by it pronominale slachte wurdt bygelyks wjerspegele troch de farijasje tusken *de* en *it* yn wurdpearen lykas yn (i) (ferl. Hoekstra & Visser 1996, 56):

- (i) de tried (ding) / it tried (stof)
- de strie (ding) / it strie (stof)
- de hier (ding) / it hier (stof)
- de sâlt (spesifike stof) / it sâlt (stof algemien)

Oer de oanwinnende rolle fan yndividuearring net allinnich by pronominaal, mar ek by nominaal slachte yn it hjoeddeiske Hollânsk skriuwt Semplicini (2016). Dia-groan besjoen is yndividuearring foar 't neist de oarspronklike funksje fan genus (ferl. Kraaikamp 2017).

Yn âldere grammatika's wurdt derop wiisd dat (guon) stoffen ek mei it pronomen fan it froulik iental *hja* oantsjut wurde koene. Van Blom (1989, 63) rekkenet wurden foar boufruchten (*rogge, weit, boekweit, hjouwer* ensfh.) ta de feminine haadwurden en jout dêrmei ymplisyt oan dat der mei *hja* nei ferwiisd wurde moat. Sa't yn 'e ynlieding al sein is, wolle Sytstra & Hof (1925, 78) derop út dat *hja* by floeiber iten en drinken brûkt wurdt:

Voor vloeibare spijzen, *brij* b.v., gebruikt men *hja*: *Dy brij kin ik sa net ite, hja is my to hjit.*

Sipma (1913, 56) seit dat it (froulik) slachte fan abstrakta (*wierheid, goedens, leafde* ensfh.) en stofnammen (*molke, jittik, reamme*) net sa dúdlik is, om't it demonstrativum *dy* gauris brûkt wurdt om dernei te ferwizen ynstee fan it persoanlik foarnamwurd *hja* of *sy*, dat wat langer wat mear yn ûnbrûk rekket. Yn in besprek fan Sipma syn grammatika set Kooistra (1914, 209) dêr de neikommende krityske noat by: "Hierbij laat S. na, onderscheid te maken tussen de twee groepen: abstrakta worden inderdaad alleen in de litteraire schrijftaal aangeduid door *hja* of *sy*, maar van stoffen wordt in de omgangstaal nog geregeld gesproken als *se* (niet *sy* of *hja*), b.v. *smakket de koffie goed? Is se wol swiet genôch?*" Sipma (1949, 11) jout as foarbyld fan in gefal dat it lêstich of ûnmooglik is om tusken maskulinum en femininum te ûnderskieden de neikommende sin (*brij* is oarspronklik in manlik wurd, mar der wurdt nei ferwiisd mei it froulike *se*):<sup>12</sup>

De brij is hjit: dat hat se fan it fjûr net krige.

Fokkema (1967, 40) nimt dat foarbyld, justjes oanpast, oer en merkt op:<sup>13</sup>

Naar een weke substantie als brij wordt ook wel met *se* verwezen: *de brij is fiersto hjit, dat hat se net fan 't fjûr.*

Ofsjoen fan dy frijwat dizenige opmerkingen yn 'e grammatika's (hyltyd mei it foarbyld *brij*) fynt men yn 'e literatuer gjin ynformaasje oer it brûken fan *hja* by stoffen yn it Frysk. It WFT (9, s.v. *hja*; 18, s.v. *se* en *sy*) wiist ek net op it gebrûk fan it froulike foarnamwurd by it ferwizen nei stoffen, hoewol't yn it wurdboek foarbylden dêrfan wol foargoed foarkomme.

12 De krekte sin fan dat foarbyld (in sechje?) is my, earlik sein, tsjuster (wêr hat de brij syn hjitte dan fan krige?).

13 Yn 'e earste printinge fan Fokkema syn grammatika út 1948 miste dy opmerking der noch, dat hy is dúdlikernôch ynspirearre troch Sipma (1949).

3. It brûken fan *hja* by stofnammen yn it (âldere) Nijfrysk

Om wat mear oer it gebrûk fan *hja* by it ferwizen nei stoffen te witten te kommen, haw ik 19<sup>de</sup>-iuwske en ier 20<sup>ste</sup>-iuwske Fryske teksten trochsocht (de 19<sup>de</sup>-iuwske systematysk, foarsafier't ik de boarnen digitaal of op papier ta myn foldwaan hie, de 20<sup>ste</sup>-iuwske mear op 'e dolle rûs). Men fynt dan yndie foarbylden mei *brij* (ferl. ek al it foarbyld yn (2)):

- (4) a. Yt de brij mar gau op, **se** is yet hapwaerm.  
[Fr. W. (1901), s.v. *hapwaerm*]
- b. Mar rear de bry nou yet ris troch, en dwaen **se** den mar  
în de panne.  
[T.G. v.d. Meulen, *mâl* 6 (1859)]
- c. By 't brijomrieren moast net sjonge, den wirdt **se**  
sangerich.  
[Fr. W. (1911), s.v. *sangerich*]
- d. Wy scoene op in middei / Ris oan de rizenbrij. /Us faem  
dy scoe **se** koaitsje.  
[D.H. Zylstra, *S. en R.* 56 (1905)]

Ferwizing mei *hja* nei *brij* komt boppedat yn in pear sprekwurden foar:

- (5) a. De brij is op 't hjitst as **se** just fen 't fjûr is.  
[W. Dykstra & T.G. v.d. Meulen, *doaze* 130 (1882)]
- b. De brij is noait hjitter as **hja** opskept is.  
[W. Dykstra, *sabeare-dronken* 26 (1893)]
- c. As de brij ré is moat **se** opskept wirde,  
men moet het ijzer smeden als het heet is.  
[Fr.W. (1900)].

*Hja* kin him ek oppenearje by oare wurden foar floeiber en limich iten en drinken. Ferlykje:<sup>14</sup>

---

14 Nijsgjirrich is it foarbyld yn (i):

(i) Ik haw sels griene earte oer 't fjûr. ... Jy passe goed op rearen, nou Hiltse,  
hwent **hja** is op myn noed, sjochje. [T.W. Sytstra, *iten* 21 (1896)]

It antesedint (*griene earte*) is dêr in plurale tantum. Formeel is dat in meartallich wurd, mar semantysk in stofnamme (ferl. Hollânsk *erwtensoepe*, *snert*). Dêrom kin dernei ferwiisd wurde mei it ientallige stofnamme-*hja*.

- (6) a. De nije molke farsc ind fris, / Sa as **se** fenne kou komd is.  
[J.R. Kloosterman, *wâldblomkes* 116 (1883)]
- b. Seane môle, as **se** effen stiet, bifluezet.  
[Fr. W. (1900), s.v. *bifluezje*]
- c. De boerinne kaem út de molkenkelder setten mei in greate kop fol ream, sa tsjûk dat men **se** mei 't mês snye koene.  
[W. Dykstra, *teikeningen* 26 (1854)]
- d. Jimme moasten fen 'e moarn allegearre by my op 'e kofje komme. Jiffrou het **se** al ré.  
[S.K. Feitsma, *saun* (1888)]<sup>15</sup>
- e. Dy scoe graech in kopke thé mei drinke, teminsten as **dy** klear is. (...) Klear is **se** net, mar brún.  
[F.J. Wynstra, *rintmaster* 71 (1923)]
- f. Sokke wyn, dêr moast in arbeider alle dagen in flesse fol fen ha. (...) "**Hia** smakket tîge, minhear," sei Japik, "ik mei **se** graech."  
[J.D. Baarda, *profeet* 55 (1863)]
- g. De sterke drank is in pest for de maetskippy, **hia** docht neat gjin goed en in hele bulte quea.  
[W. Dykstra, *jenever* 4 (1863)]
- h. Jou hawwe lekkre drank, boer! Hwer keapje jou **dy**, **sokke** scoe 'k ek wol ris hawwe wolle. (...) Ik kry **se** bij it fetsje fol út de stêd.  
[S. Valkema, *Moat it sa!* 54 (1894)]
- i. It wier al wer de ôfskaffer, dy er mar stiif en steil op út woe, dat jenever nearne for doocht en dat **se** út 'e wei mat, ho earder ho better.  
[ibid. 7]
- j. Sied bêste yettik goed troch en lit **se** ôfkoelje.  
[S. Kloosterman, *petiele* 71 (1938)]
- k. Us hunich stiet op heage priis; / Forkeapje **s'** ynna sted sa diúr as y hit kenne.  
[*Id.* 131 (1845)]

15 By it demonstrativum binne yn it Nijfrysk maskulinum en femininum oars gearfallen, mar ferlykje it neikommende foarbyld:

(i) Nou **diu** smakket mearich, / socke koffy bringt hit fier, / Makket yen begearich  
[T.G. v.d. Meulen, *trintsje* 25 (1850)]

Dêr wurdt, yn 'e Iduna-stavering (en dus argaisearjend), de froulike foarm fan it demonstrativum brûkt om nei *koffe* te ferwizen.



- l. Wi sille sa net mei de sjerp omslanterje / der is **se** mi te joer ta.  
[S.S. Ypma, *aontjemoi* (3) (ca. 1815)].

Men fynt *hja* lykwols likegoed by net-ytbere floeibere en limige stoffen:

- (7) a. De ferve fellet (...), as **se** op nij wiet hout strutsen is. [Fr. W. (1900), s.v. *felje*]  
b. In ekstra greate opromming waerd der ûnder 'e lampen hâlden, doe't men de peteroalje bigoun to brûken. **Dy** wier foar ieuwen al bikend, mar wirdt noch net langer as in fyftich jier yn 'e lampe barnd. **Hja** jowt folle klearder ljocht as raep- en patintoalje en is dêrby in stik goedkeaper.  
[Leeuwarder Courant (11-02-1907)]  
c. Biwarret men de jarre in tiidlang yn 'e kolk, den wirdt **se** tige slimich.  
[A. Rauwerda, *greidekultuer* 77 (1925)].

En mei net-floeibere stoffen binne der ek foarbylden by 't soad. Yn guon gefallen is de stof dêr't nei ferwiisd wurdt ytber:

- (8) a. De boeter wurdt wakker uutfierd / der komt et fin dinne / dat **se** sa joer bliuwt.  
[Boereschriewer II 6 (1821)]  
b. Fabryksbûter, margarine wol Klaes prefoost net ha. (...) Wy brûke **se** al. It skeelt de helte yn 'e priis.  
[Jepkema, *Forjit my net* 8 (1905)]  
c. Sökke moster, **dy** frist in menseke op, oars net? En men ken **se** by alle iten brûke.  
[W. Dykstra, *Bijek.* 46 (1868)]  
d. **Sij** (= die koeke) wier om 'e hirdens better for ien hoenebek as for ien minskemoele geskikt.  
[EMAN, *winterjouns gearkomste* 9 (1852)]  
e. De koeke wud ek tijge straft / Mei kneppels wakker swier / Je slaan er op uit al har kragt / **Se** is ek sa taai as hier. // De bijlen broëkes der ek ta / Der kapjes er mei in / Elk wol al graag wat koeke ha / Of is **se** net heel fijn.  
[K.C. Nijdam, *botters-goed* (1828)]  
f. As de Fryske tsjiis langernôch lein hat en skerp fen smaek wirdden is, den wirdt **se** alfolle raspe  
[Fr. W. (1911), s.v. *raspje*]

- g. De hynsers dy de jouër fortjinje / krye **s'** altyd net.  
[Boereschriewer II 34 (1821)].
- h. De rhabarber wirdt goed wosken, mar net skyld, den hâldt **se** de moaije rose kleur.  
[S. Kloosterman, *petiele* 60 (1938)]
- i. Set de fisk op mei siedend wetter en salt, en sied **se** yn om ende by 5 minuten gear, doch **se**, wyls **it** yet waerm is, fen de graet.  
[Heit. 70 (1936)]

Mar *hja* kin ek skoan by net-ytbere fêste stoffen foarkomme:

- (9) a. Ho't de sinne mear op 'e kjitte skynt, ho mear **se** stjonkt, hoe meer men in de stront roert, hoe meer die stinkt, gez. van een smerig zaakje.  
[W. Dykstra, *Volksl. II* 422 (1896)]
- b. De tonder is damp, no wol **se** net finge.  
[Fr. W. (1900), s.v. *finge*]
- c. De wyn heinde dy saneamde swevel op, fierde **dy** fjirder, en de rein sloech **se** dol.  
[F.m.n. 98 (1885)]
- d. As de turf droech is scil **se** folle better brânne wolle.  
[D. Wijma, *S. en R.* 47 (1903)]
- e. Wy meitsje ús eigen bagg'ler op 't Sweagermiede fjild / en **dy't** we der net fan brûke, **dy** meitsje wy oan jild; / Al is **dy** in bytsje hertlik, al baarnt **se** net sa rêd / Wy ha wol hout en prikken, sa hindert ús dat net.  
[Tsj. Postma, *Nieuwsblad van Friesland* (29-4-1905)]<sup>16</sup>
- f. Om **se** (= de klyn) mear yneltsoar to krijen wirdt **se** trape. Dit bart mei trapersbuorden, dy't men ûnder de foetten bynt en yn eltse hân in polske, oars scoe men op de weake klyn net stean bliuwe kinne.  
[G.R. Bloembergen, *ambachtswurden Hs I.r.* (1941)].
- g. As de branje yn 'e neisimmer net mear op 'e gewoane wize droech kin, wirdt **se** wol opstûke yn tsjernen, twisken eltse twa baelders in fingerbreed romte.  
[J. Botke, *Heit.* 151 (1920)].
- h. *Om sjiippe*, giet min yit net fier, / Wy haww' **se** yn 't Làn, mar lang forlyne; / Do 't minsdom oergroeid

16 Hjir yn 'e hjoeddeiske stavering oanhelle út Wielinga (2006).

- sielsmoarch wier, / Koe m'n echte to Jerues'lim fyne.  
 [Hj. G. v.d. Veen, *clipsrymkes* 24 (1846)]
- i. 't Het fen 't jier min op ús hjouwer wierre; do't wy **se**  
 ynhellen, wier 't neat mear as skobben.  
 [Fr. W. (1911), s.v. *skobben*]
- j. Scil de rogge goed hadde syn tier, den moat **se** Maeije  
 stean yn 'e ier.  
 [Dykstra & v.d. Meulen, *doaze* 123 (1882)]
- k. Ik hie de spinaezje sa gau net siedde, ef de mosken  
 hiene **se** der wer útklaud.  
 [Fr. W. (1911) s.v. *útklauwe*]
- l. Boer Pibe syn praktyk. // ... boer Pibe syn wolle woech  
 altyd moai swier; / ... Wol jimm' heit hast de wolle ek  
 wer slite? / ... foart dalik yet net, moatt' jy wite. // ... de  
wolle is net ré, seit de jonge, dêrom, / Sjuch, ús heit seit,  
 hy moat **se** yet sânje.  
 [J. Ruma, *F.m.n.* 134 (1902)].

De konklúzje kin wêze dat *hja* foar it ferwizen nei stoffen yn 'e 19<sup>de</sup> iuw en it begjin fan 'e 20<sup>ste</sup> iuw algemien yn gebrûk wie en nei alle gedachten de regel wie. In beheining op 'e aard fan dy stoffen kin dêrby net fêststeld wurde. *Hja* ferwiist lykwols inkeld nei stofnammen dy't *de*-wurden binne.<sup>17</sup> Men soe yn 'e earste opslach tinke kinne dat it dêrby om eardere feminina te rêden is, mar *hja* stiet likegoed by oarspronklike maskulina (lykas *brij*) as by oarspronklike feminina (lykas *molke*). It liket derop dat *hja* likegoed by spesifike stoffen as by stoffen yn 't algemien brûkt wurde koe, mar men fynt njonken *hja* yn 'e 19<sup>de</sup> ieu ek al *it* (*dat*) foar it ferwizen nei stoffen yn 't algemien (ferl. ek de foarbylden yn (8i) en (9i)), dêr't *se* en *it* njonkeninoar brûkt wurde):

- (10) a. Hwet gêst wirdt pankoek bolder fen. / Men hellet hwet:  
 't is ald en min / En 't bakt nin grevel better.  
 [W. Dykstra, *praetstoel* 30 (1877)]
- b. Op plakken dêr 't de weet nearne gjin hinder fen hie,  
 dêr slagge 't goed foart en 't joech in bêste frucht.  
 [ibid. 4]

---

17 Fokkema (1937, 147) hie dat yn syn stúdzje fan it Stedfrysk fan Ljouwert ek al fêststeld:

voor stoffen, die een niet-onzijdige naam hebben, gebruikt men *it*, 't en ook wel *se*: van thee b.v.: *is se al trokken? is 't al trokken?* van turf: *it is op*.

- c. Wy drinke hjir koffi, mar **dat** krye wy ommers alle dagen thûs ek.  
[W. Dykstra, *keapman* 22-23 (1874)]

*Hja* kin, at it ferwiist nei stoffen, net beklamme wurde; foar in beklamme foarm moat men útwike nei it demonstrativum (*Beide winen smeitsje my net. Dy/\*Hja is my te swiet en dy/\*hja te droech*). Ynstee fan 'e objektfoarm *se* kin by it ferwizen nei stoffen ek net de folle foarm *har* brûkt wurde, sels net at dy ûnbeklamme bliuwt (*Wat hast yn dyn koffje? Ik drink se/\*har leafst swart*).<sup>18</sup> Simke Kloosterman brûkt yn har itensiedersboek 'De Fryske Petiele' njonken in regelmjittich *se* (ferl. (6j) en (8h)) in kearmannich *har* (by *har hjar*), dêr't men *se* ferwachtsje soe:

- (11) Savoijekoal. Wirdt beret as reade koal, mar men stooft **hjar** op mei mólke, noatmuskaet en bûter. Net to lang, den wirdt **hja** brún.  
[S. Kloosterman, *petiele* 57 (1938)]

It ûngewoane gebrûk fan *har* by Kloosterman is faaks in earste teken fan ûnwissichheid by it brûken fan *hja* by stoffen.

It brûken fan *hja* foar it ferwizen nei stoffen takket yn 'e 20<sup>ste</sup> iuw ôf (ferlykje it besprek yn par. 4). Dat *hja* him dêrby ynearsten tebekloek op 'floeibare spijzen', sa't Sytstra & Hof yn 1925 suggerearje, hat net folle eigenskip. Men fynt yn it earstoan fan 'e 20<sup>ste</sup> iuw noch genôch attestaasjes fan *hja* by oare stoffen. Sels yn 'e twadde helte fan 'e 20<sup>ste</sup> iuw komt *hja* inkeldris noch by stoffen foar, by floeibere en ytbere, mar ek by net-floeibere en net-ytbere:

- (12) a. Der siet in gat yn en de molke roun der like hurd wer út as **se** der yn kaem.  
[Y. Poortinga, *ring* 327 (1976)]  
b. Dokter Keizer woe de iel noch keapje, mar Jan mocht **se** sels to graech.  
[Y. Poortinga, *ring* 394 (1976)]  
c. By de greate boeren kaemen bûterkeaplje dy de bûter

18 It meartallige *se* kin likemin troch *har(ren)* út it stee keard wurde, at it nei dingen ferwiist (ferl Hoekstra 1994, 49, 60 note 8). Van Haeringen (1954, 19-20) wiist ek op it defektive karakter fan stofnamme-ze yn it Hollânsk. It is yn it ginneraal sa, dat pronomina dy't nei net-libbene rifferinten ferwize (dus *hy* ek), net sterk (beklamber) wêze kinne (Cardinaletti & Starke 1999); foar in sterke foarm moat útwykt wurde nei de demonstrativa.

opkochten of de boeren stjoerden **se** sels nei de ‘waech’.  
Greate opkeapers kochten **se** dan op en forstjûrden **se**  
dan yn greate fetten nei Londen. Der kaem **se** oan de  
merk en brocht yn ‘t earst in goede priis op foar dy tiid.  
[I. Klaver, *herinneringen* 42 (a. 1967)]<sup>19</sup>

- d. Wie dizze turf droech, dan wie **se** likernôch  
fjouwerkant.  
[R.P. de Jong, *De Ouster Trijegeaën* 121 (1982)]

It kin fansels wêze dat *hja* him navenant goed hanthavenje koe by frekwinte wurden foar deistich iten en drinken lykas brij, kofje, tee. By *brij* kin boppedat it feit dat it mei *hja* yn sprekwurden foarkaam, in konservearjende rolle spile ha.

#### 4. *Besprek*

It ferwizen mei *hja* nei *de*-wurden dy’t stoffen oantsjutte yn it Frysk, wie net in isolearre ferskynsel. Van Haeringen hat der yn in rige fan publikaasjes op wiisd dat ‘ze’ by stoffen suver yn hiele Noard-Nederlân, d.w.s. yn it part fan Nederlân dêr’t maskulinum en femininum gearfallen wiene, húsriem wie (van Haeringen 1951, 1954, 1969, 1970).<sup>20</sup> Van Haeringen (1951, 13) skriuwt:

Het is bekend dat in vrijwel heel Nederland benoorden de grote rivieren het gebruik van *ze* bij niet-neutrale stofnamen zeer algemeen is: *soep, melk, koffie, wijn, thee, honing, wol, katoen*, enz., zulks niettegenstaande het feit dat deze woorden in het zuidelijk taalgebied, dat de drie genera onderscheidt, merendeels mannelijk zijn.

Men fynt it ferskynsel bygelyks yn oanbuorjende dialekten lykas it Stellingwerfsk (Bloemhoff 2008, 190), it Drintsk (Sassen 1953, 87-88), it West-Frysk (Pannekeet 1995, 244) en de ‘Waterlandse’ dialekten (van Ginneken 1954-I, 105-106), mar likegoed yn Seelân, Súd-Hollân (den Eerzamen 1937/1938, 136), Utert, Gelderlân (Ausems 1953, 71) en Oerisel (Kamman 1990, 18-19). As noardlike grins fan it ferskynsel beskôget van Haeringen (1970, 175) Drinte. Dat Grinslân net meidocht, hinget gear mei it feit dat

---

19 De oantinkens binne opskreaun yn 1960, mar binne foar in part basearre op âldere oantekens.

20 Al earder hie Royen (1935, 75 e.f.) op it gebrûk fan ‘ze’ by stofnammen wiisd, mar hy beskôget it as ‘hollands’.

stofnammen yn it Grinslânsk ornaris neutra binne (Ter Laan 1953, 23). It Frysk wurdt by van Haeringen net neamd, mar sa't hjirboppe sjen litten is, wie *hja* by stofnammen dêr ek wakker hiem. Der hat sadwaande yn it Frysk, lykas yn 'e measte Noard-Nederlânske dialekten, in âlder systeem fan pronominale ferwizing nei net-libbene rifferinten west dat der útseach lykas yn (13):

(13) nominaal slachte	pronominaal	slachte
	dingen	stoffen
de	hy	hja (it)
it	it	it

Van Haeringen wiist der yn syn publikaasjes ek op dat it brûken fan 'ze' yn 't neigean is en dat 'ze' dêrby troch 'hij' ferkrongen wurdt. It systeem yn (13) wurdt mei oare wurden yn 'e rin fan 'e 20<sup>ste</sup> iuw sa njonkelytsen troch itselde yn (3) út it stee keard.

Oant no ta haw ik foar it Nijfrysk inkeld foarbylden fan it brûken fan *hja* út 'e 19<sup>de</sup> en de 20<sup>ste</sup> iuw bybrocht. De fraach is hoe't it lân der yn noch âlder Frysk, ier Nijfrysk of Midfrysk, hinnelei. Men fynt yn 'e 18<sup>de</sup> en 17<sup>de</sup> iuw yndie ek foarbylden fan it brûken fan *hja* foar it ferwizen nei stoffen. Ferlykje:<sup>21</sup>

- (14) a. Dan sille æk de Boerren / Haer beelg fol frette gau, / En soepe Barndewijn; / Ja jaense har mar rau, / Der hoeft nen soecker ijn.  
[±1710D]
- b. En 't zoe my net frimd ta forren komme / dat hyr tigte by æk Tebak plante wudde zil; de Douwestront is te minsten wakkre joer / en der meittje jæ **ze** mey.  
[1779B]
- c. Dan sa wol de Jouwer broeyje / Dat min mat **se** wer verloeyje / En der **se** eerst al warig is / Broeyt **se** alleheel gled mis.  
[n-d. L]

21 Foar in wiidweidige beskriuwing fan 'e boarnen ferwiis ik nei de *Foarriedige katalogus fan boarnen fan it Midfrysk* (<https://www.rug.nl/let/organization/bestuur-afdeling-en-medewerkers/afdelingen/afdeling-friese-taal-en-cultuur/catmidfrysk.pdf>) en de boarnelist yn Breuker (2008, 6-28).

- d. De Stædjers hawe za graag oerwigt / en giele Boetter;  
mar asse ris wistene wertze za giel mei makke wudde!  
[1780v]
- e. Altyt bwter ijne bry, zey Maåle Gerben, en reamdzer  
boppe oov: en krigge elke reyze slikken to.  
[±1675A]
- f. Ik zei, jin Lanfrouw; der hab y lekkere Thee; ontbied  
jimme **dij** uit hollan? Je kriggenze wol reis uit hollan,  
zeize, mar **je** wier bij harris ijne Sted eak wol.  
[1779M]
- g. In krintebolle, ô dij duwkker! / **Dij** meistou hoa, al is 't  
mey suwkker, / Dan smakke **je** forskrikke zwiet.<sup>22</sup>  
[1782I]

It systeem yn (13) gou dan sa't it liket ek al foar 1800.<sup>23</sup> Der soe lykwols in komplikaasje wêze kinne foar de 17<sup>de</sup> iuw. Geerts (1965; 1966) hat sjen litten dat 'ze' yn 17<sup>de</sup>-iuwsk Hollânsk net allinnich foar stoffen, mar ek foar dingen brûkt waard dy't mei in *de*-wurd oantsjut waarden, sels at it om oarspronklik maskuline wurden gie. Hy freget him ôf, oft 'ze' by stofnammen yn it lettere Hollânsk net in oerbliuwsel is fan dat folle algemienere brûken fan 'ze' by net-libbene *de*-wurden en dat liket van Haeringen (1970) een 'enigermate bevredigende' hypoteze ta. At dat doocht, dan soe men yn it 17<sup>de</sup>-iuwske Frysk *hja* ek by dingoantsjuttingen fine moatte, likegoed by oarspronklik manlike as by oarspronklik froulike. Foarbylden dêrfan komme yndie foar:<sup>24</sup>

- 
- 22 Tink derom dat *In* hjir 'en' is en dat *krintebolle* dus net in soart-, mar in stofnamme is.  
23 Dat *it* foar 1800 ek al foar it ferwizen nei stoffen yn it algemien brûkt wurde koe, sug-gerearret it neikommende foarbyld:

- (i) Hy hie reis west/ wol leuw dat fry/  
Der krigge hy de Rijssen Bry;  
Mar 't smakke hem net al te wol/  
Fen Rijs za wiar de Bry te vol. [1778z]

- 24 It tal foarbylden hâldt net oer, mar dat kin lizze oan it navenant lytse 17<sup>de</sup>-iuwske korpus. In foarbyld dêr't se (by it oarspronklik manlike wurd *pot*) sa't it liket oant yn 19<sup>de</sup> iuw fuortlibbe hat is:

- (i) Az dij Poât ijens Stjoanckt, dan Stjoanckt **Se** altijed, 'eens een Slegte naam ... altijed een Slegte naam'. [P.C. Scheltema, *spreekw.* 72 (a. 1835)].

- (15) a. 'k Tocht, Wijlde Sarlle! hie 'k de Buwck nu fen  
 mijn Wijv, / Fen Bææuwe, Bints, in Rooyts, fen uws  
 hææl-wougsen Jonge, / Jck proppese so fol as in  
 op-bliesen' Bonge.  
 [1640B]
- b. Nimmén wit wier ien de schoeg twinght /  
 dan **deerse** oon het.  
 [1641A, 785]
- c. Deer de nuwt wol ijte motze kræcke.  
 [ibid. 206]

Moolk is it systeem fan pronominaal slachte yn (13) dan de opfolger fan in systeem lykas yn (16), dêr't *hja* foar dingen en stoffen brûkt waard:

(16) nominaal slachte	pronominaal slachte	
	dingen	stoffen
de	hja	hja (it)
it	it	it

Dêrneffens waard *hy* inkeld by manlike persoanen (en bisten) brûkt, *hja* by froulike persoanen en by net-libbene *de*-wurden, en *it* by net-libbene *it*-wurden. Wy sjugge dan dat *hy* by de tiid lâns fan it gebrûk by manlike persoanen (en bisten) (16) wreidet nei dingen (13) en dan nei (spesifike) stoffen (3), en dat it froulike pronomen hyltyd mear út it pronominaal systeem ferdwynt en op 't lêst allinnich mar mear brûkt wurdt om nei froulike persoanen te ferwizen. Faaks mei men it oerdiedige brûken fan it froulike pronomen foar it ferwizen nei *de*-wurden yn 'e 17<sup>de</sup> iuw begripe as in foech reaksje op it weiwurden fan it feminine nominale genus oan 'e ein fan 'e midsiuwen. Yn 'e 18<sup>de</sup> en 19<sup>de</sup> iuw wurdt it froulike pronomen by dingen dan troch it manlike ferkrongen en yn 'e 20<sup>ste</sup> iuw wurdt it ek fan syn lêste bolwurk, de stofnammen, ferdreaun. Yn it pronominaal systeem, alteast yn it dielsysteem dat de ferwizing nei net-libbene rifferinten regelet, hat mei oare wurden in selde gearfal fan maskulinum en femininum ('maskulinisearring') west as oft yn it nominale systeem syn beslach al krige hie.<sup>25</sup>

25 Yn it hjoeddeiske Hollânsk kriget 'hij' noch mear earmslach. Dêr wurdt it fan in oanwinnend tal sprekkers ek brûkt by dingen dy't mei in *het*-wurd oantsjut wurde en is 'het' alhiel beheind ta de (algemiene) ferwizing nei stoffen (ferl. Audring 2006,



### 5. Einbeslút

Yn dit artikel haw ik sjen litten dat yn âlder (benammen 19<sup>de</sup>-iuwsk) Frysk it pronomien fan it froulik iental *hja* brûkt waard om te ferwizen nei stoffen dy't mei in *de*-wurd oantsjut waarden. Mear yn 't bysûnder bestie der in systeem fan pronominaal slachte by net-libbene rifferinten dêr't *hy* ferwiisde nei dingen en *hja* nei stoffen (njonken *it* by stoffen yn algemien gebrûk). Dat systeem wie net ta it Frysk beheind, mar kaam ek foar yn Hollânske en Leechsaksyske dialekten dêr't maskulinum en femininum by haadwurden gearfallen wiene. Yn 'e 20<sup>ste</sup> iuw rekket it systeem yn hiele Noard-Nederlân yn 't neigean: 'hja' ferdwynt en 'hy' ferwiist net allinnich mear nei dingen, mar ek nei stoffen yn spesifyk gebrûk. Dy taalferoaring wjerspegelet foar 't neist in al langer oanhâldende tendins ta it gearfallen fan maskulinum en femininum, ek by de pronomina.

Der bliuwe gâns fragen oer nei de details fan 'e ûntjouwing fan it pronominaal slachte by net-libbene rifferinten, dy't ik hjir frijwat skematysk werjûn ha, mar dy't grif diffuzer west hat. In fraach bliuwt ek ynhoefier't de ûntjouwing fan it pronominaal slachte yn it Frysk en yn 'e Noard-Nederlânske dialekten min ofte mear ûnôfhinklik yn 'e ûnderskate dialekten syn beslach krige hat (moolk as logysk gefolch fan it gearfallen fan maskulinum en femininum by haadwurden en it dêrtroch ûntstiene wanwicht tusken nominaal en pronominaal slachte) of ynhoefier't taalkontakt (de druk fan it Hollânsk) dêrby in rolle spile hat.

*Foar kommintaar op in kladder fan dit artikel betankje ik Siebren Dyk en Willem Visser.*

### Literatuer

- Audring, Jenny. 2006. Pronominal Gender in Spoken Dutch. *Journal of Germanic Linguistics* 18, 85-116.
- Audring, Jenny. 2009. *Reinventing Pronoun Gender*. Utrecht: LOT Dissertation Series.
- Ausems, Theodorus W. A. 1953. *Klank- en vormleer van het dialect van Culemborg*. Assen: van Gorcum.
- Bloemhoff, Henk. 2008. Stellingwerfs. Yn: Henk Bloemhoff, Jurjen van der Kooi, Hermann Niebaum & Siemon Reker. 2008. *Handboek Nedersaksische Taal- en Letterkunde*. Assen: van Gorcum, 175-193.

2009). Yn dat systeem wurdt de kar fan it pronomien sadwaande allinnich mar mear fan 'e yndivuearringsgraad beskaat. Yn it Frysk is *hy* by *it*-wurden noch net (algemien) akseptabel. Foarbylden lykas *Wêr is myn poilead? Ik ha him net sjoen* (E. Hoekstra 2017) of *Hjir hast it apparaat, ik wol him graach kwyt* (Dyk & de Vries 2017) kinne der by my alteast út noch yn net op troch.

- Blom, Phlippus van. 1889. *Beknopte Friesche Spraakkunst voor den tegenwoordigen tijd*. Joure: Zijlstra.
- Breuker, Philippus. 2008. *Frysk fan 1550 oant 1801. Oanfollingen*. Grins/Groningen: SFFYRUG, Kil/Kiel: Nordfriesische Wörterbuchstelle CAU, Ljouwert/Leeuwarden: Fryske Akademy.
- Buitenrust Hettema, Foeke. 1904. *Waarom volkstaal, waarom 't Fries bestudeerd?* Amsterdam: van Holkema en Warendorf.
- Cardinaletti, Anna & Michal Starke. 1999. The typology of structural deficiency: A case study of the three classes of pronouns. Yn: Anna Cardinaletti & Michal Starke (bes.), *Clitics in the languages of Europe*. Berlin: Mouton de Gruyter, 145-233.
- Colmjon, Gerben. 1863. *Beknopte Friese spraakkunst voor den tegenwoordigen tijd*. Leeuwarden: Kuipers.
- Dyk, Siebren & Truus de Vries. 2017. Personal pronouns. Taalportaal. <http://taalportaal.org/taalportaal/topic/pid/topic-13998813311277191>. (rieplachte op 3 jannewaris 2018).
- Dykstra, Anne. 2011. *J.H. Halbertsma als lexicograaf: studies over het Lexicon Frisicum (1872)*. Ljouwert (Leeuwarden): Afûk.
- Eerzamen, Flip den. 1937/1938. Over de voornaamwoorden in het Goerees. *Onze Taaltuin* 6, 132-137.
- Feitsma, Sake K. 1902. *De vlugge Fries: Handleiding om zonder onderwijzer in korten tijd friesch te leeren lezen, schrijven en spreken*. Zwolle: Zalsman.
- Fletcher, William H. 1987. Semantic factors in Dutch gender choice. Yn: William H. Fletcher (bes.), *Papers of the second interdisciplinary conference on Netherlandic studies*. Lanham, N.Y.: University Press of America.
- Fokkema, Klaas. 1937. *Het Stadsfries. Een bijdrage tot de geschiedenis en de grammatika van het dialect van Leeuwarden*. Assen: van Gorcum.
- Fokkema, Klaas. 1967. *Beknopte Friese Spraakkunst*. Tweede druk. Groningen: Wolters. (Earste printinge: 1948)
- Fr. W. = *Friesch Woordenboek (Lexicon Frisicum)*, bewerkt door Waling Dijkstra. 3 dl. Leeuwarden, Meijer & Schaafsma (1900, 1903, 1911).
- Geerts, Guido. 1965. De valentie van ze in Vroegnieuwholands taalgebruik. *Hand. Kon. Zuidned. Maatsch.* 19, 339-350.
- Geerts, Guido. 1966. *Genus en geslacht in de Gouden Eeuw*. Tongeren: Michiels.
- Ginneken, Jacobus J.A. van. 1954. *Drie Waterlandse dialecten*. 2 dl. Alphen aan den Rijn: Samsom.
- Haeringen, Coenraad B. van. 1951. Genusverandering bij stofnamen. *De Nieuwe Taalgids* 44, 7-14. (Ek yn: idem. 1962. *Gramarie*. Assen: van Gorcum, 96-107)
- Haeringen, Coenraad B. van. 1954. *Genus en geslacht. Het voornaamwoordelijk gebruik in de gesproken taal*. Amsterdam: Meulenhoff.

- Haeringen, Coenraad B. van. 1969. Pronominale aanduiding van karnemelk. *Taal en Tongval* 21, 261-266.
- Haeringen, Coenraad B. van. 1970. Het genus van stofnamen. Yn: P.J. Meertens en dy, *Zijn akker is de taal*. Den Haag: Bakker, 157-168.
- Halbertsma, Joost H. 1865. [Besprek fan:] Die Nord-Friesische Sprache nach der Moringer Mundart, (...) von Bende Bendsen (...) Leiden 1860. *De Vrije Fries* 10, 345-438.
- Hoekstra, Eric. 2017. Do 3SG pronouns refer to gender or to other properties of the antecedent? *Taalportaal*. <http://taalportaal.org/taalportaal/topic/pid/topic-13998813349017009>. (rieplachte op 30 desimber 2017)
- Hoekstra, Jarich. 1994. Pronouns and Case. On the distribution of *har(ren)* and *se* 'them' in Frisian. *Leuvense Bijdragen* 83, 47-65.
- Hoekstra, Jarich & Willem Visser. 1996. *De- en it-wurden yn it Frysk*. *Us Wurk* 45, 55-78.
- Kalma, Douwe. 1952. Spraakkunstige ditten en datten. *De Pompeblêdden* 23, 90-92.
- Kamman, Roelof. 1990. *Woordenlijst van het dialect van Kuinre*. Samengesteld door Philomène C.G.M. Bloemhoff-de Bruijn. Kampen: IJsselakademie.
- Kooistra, J. 1914. [Besprek fan] P. Sipma, Phonology and Grammar of Modern West Frisian. *De Nieuwe Taalgids* 8, 207-210.
- Kraaikamp, Margot. 2017. *Semantic versus lexical gender. Synchronic and diachronic variation in Germanic gender agreement*. Utrecht: LOT.
- Laan, Kornelis ter. 1953. *Proeve van een Groninger Spraakkunst*. Winschoten: van der Veen.
- Pannekeet, Jan. 1995. *Het Westfries. Inventarisatie van dialectkenmerken*. Wormerveer: Stichting Uitgeverij Noord-Holland.
- Popkema, Jan. 2006. *Grammatica Fries. De regels van het Fries*. Utrecht: Prisma.
- Postma, Gerben & Pieter de Clercq. 1904. *Lytse Fryske Spraekeleare*. Ljouwert: van der Velde.
- Royen, Gerlach. 1935. *Pronominale problemen in het Nederlands*. Tilburg: R.K. Jongensweeshuis.
- Sassen, Albert. 1953. *Het Drents van Ruinen*. Assen: Van Gorcum.
- Semplicini, Chiara. 2016. *One Word, Two Genders. Categorization and Agreement in Dutch Double Gender Nouns*. Bern: Lang.
- Siemund, Peter. 2008. *Pronominal Gender in English: A Study of English Varieties from a Cross-Linguistic Perspective*. London: Routledge.
- Sipma, Pieter. 1913. *Phonology & Grammar of Modern West Frisian*. Oxford: Oxford University Press.
- Sipma, Pieter. 1949. *Ta it Frysk III*. Ljouwert: van der Velde.

- Sytstra, Onno H. & Jan J. Hof. 1925. *Nieuwe Friesche Spraakkunst*. Ljouwert: van der Velde.
- Spenter, Arne. 1970. Zur Genuskategorie im Neuwestfriesischen. Yn: Teake Hoekema et al. *Flecht op 'e koai, stúdzjes oanbean oan Prof. Dr. W. J. Buma ta syn sechstichste jierdei*. Grins: Wolters-Noordhoff, 182-188.
- Spenter, Arne. 1971. Die Genuskategorie in der Schiermonnikooger Mundart. *Us Wurk* 20, 27-36.
- Wadman, Anne. 1986. Taal-tûkelteammen: Manlik, froulik of gjinien fan beiden. *Leeuwarder Courant* 9-5-1986.
- Wahrig-Burfeind, Renate. 1989. *Nominales und pronominales Genus im südlichen Nordseegebiet. Eine arealinguistische Untersuchung*. München: tuduv-Verlagsgesellschaft.
- WFT = *Wurdboek fan de Fryske taal / Woordenboek der Friese taal*. Ljouwert: Fryske Akademy (1984-2012).
- Wielinga, Klaas. 2006. *Tsjipke Postma (1866-1956), skipper - folksdichter*. Feanwâlden/Veenwouden: Stichting Skiednis Feanwâlden e.o.

